

# Hidde Boersma: bloedserieus en ûnserieus

Karen Bies

Hidde Boersma waard mei syn dichtbondel 'De Rop om Doede' de grûnlizzer fan it 'doedeïsme'. "Dat hat noait myn idee west mar ik fyn it wol leuk." Doede is ien dy't docht, dy't net praktisearret oer wat er moarn dwaan moat, oft er wol genôch jild is. Dy't gewoan giet, it leafste 'fol túch de mist yn'. It seit hoe't Hidde Boersma yn it libben stiet.

Twa jier lyn in dichtbondel, it plan is takom jier in roman "oer de gewoanste man fan Fryslân" en no in ferhalebondel 'Fol túch de mist yn'. "Trochdat ik maat wie op in sylskip is dy útdrukking yn myn holle kaam."

It byld dat Hidde Boersma dêrby hat is "rjochttroch gean, loslitte sûnder moeilik te dwaan. Net witte wêr't hinne giest. Dat is de fleurige en humoristyske kant. Mar it kin ek hiel wrang wêze: ûnferantwurde risiko's nimme, we sjogge wol wêr't we strânje. Ik wist daliks dat dit de goeie titel wie."

## Bier

Yn it boek steane ferhalen dy't Hidde sels meimakke hat, sitewaasjes dêr't er mei freonen yn fersile rekket, gesprekken mei minsken dy't er tsjinkomt, om'e hoeke yn

Utert, of fier fuort op syn reizen. Alles mei lichtheid en humor beskreaun, ûnbefangen, sûnder foaroadielen. In oare konstante faktor is bier.

"It binne wierbarde ferhalen dêr't tafallich drank yn foarkomt. Dat levert soksoarte dingen op. It bringt jo soms ergens. Drank regelt dat jo earder de neiging ha om te sizzen 'fol túch de mist yn'. It is net represintatyf foar myn libben hear, ik drink net altyd. Mar ik mei graach in bierke. Ik skriuwer deroer, mar wol mei selsspot. As ik it ha oer in Kolombiaanske âld-ofsier, dy't drinkt yn it belachlike, skriuwer ik it op as wat moais. As der in blikje bier oanspielt op it strân sis ik 'It libben hat wat te fieren'. Sa as Toon Tellegen bisten beskriuwt,

beskriuwer ik minsken, út in naïve fleurichheid wei. De minske is as in bistje dat drinkt, in gewoante dy't er nedich hat. As bern fûn ik it al moai om yn it kafee fan Wiuwert om my hinne te sjen. As minsken in bierke drinke wurde se fleurich, feroarje se. Nei it keatsen de kroech yn, it laitsjen, it lûd praten. Ik tocht doe al: dat bier moat dochs wat moais wêze. Doe't ik acht jier wie wûn ik myn earste krânse en ik ha, mei in freontsje, bier by ús út 'e kelder helle. We ha it dopke derôf wipt en binne it lân ynrûn. Myn maat hoegde it net en ik ha sines derby opdronken."

## Klungel BV

"Tk ha altyd ien west dy't observearre. Ik bin nijsgjirrich, reitsje oan de praat mei



Foto: Linus Harms

## De rop om Doede

Der moat in Doede komme  
dy't gewoan in fiskje yt  
sûnder bearen en begrutsjen

Der moatte Doedes komme  
dy't rjochttroch gean  
om't it har neat skele kin

Der moat in Doede komme  
dy't de Doedes ropt

minsk. Ek de meast walchlike figueren fertsjinje geduld en oandacht. Oaren geane har út de wei, ik net. Ik fiel my hiel belutsen by minsken oan de râne fan de maatskippij. Ja, dêr sit ik sels ek wol in bytsje, al bin ik dan by myn goeie ferstân. Ik mei graach sjen wat dêr bart en ien wat jaan: oandacht, help. As postboade haw ik hjir yn Utert in protte ûnder de minsken west. Gekken en alkoholisten groetsje my. En dan tink ik: Jezus, wat foar lju ken ik eins? Mar it levert my ek in soad op. Sa te libjen is wol in libbensynstelling. Ja, sa wol ik libje. Noch folle sterker sels, ik haw in dream dat ik in bedriuw begjin, Klungel BV. Mei drugsferslaafden en ûnoanpaste types dy't fan har libben neat bakke. En dan bygelyks huzen skilderje, foar in lytse fergoeding,

mar hoelang it duorret docht der net ta. Yn har eigen tempo meie se har gong gean om stadichoan in normaal libben te krijen. Minsken serius nimme dy't troch oaren net sjoen wurde. Dat is in taak. Ik meitsje harren belangryk op in grappige manier. Bloedserius en ûnserius.”

“Oft der mear Doedes komme moatte? Dat is in bytsje in grap. ‘In fiskje ite sûnder bearen en begrutsjen’. Mar minsken kinne sa seure, sa sneu dwaan. Jo ha fegetariërs dy't harsels sa serius nimme, fan dy slappe bleekskeetsjes. Godsamme, yt gewoan in fiskje. Of fan dy lju dy't tsjin in swalker dy't om wat jild freget, begjinne te lullen oer hoe't it eins moat. Wêr is de Doede yn dy, tink ik dan.”

### Skriuwe

Ik ha wol studint west, mar altyd it idee hân dat ik oait skriuwer wurd. No bin ik mei in roman dwaande, oer ien dy't in ûnopfallend, deeglik libben hat yn in lyts Frysk doarp. Mar ik wol net oer Fryslân skriuwe, hear. As skriuwer moatte jo gewoan ferhalen fertelle, ik wol der gjin kulturele aginda by ha, dat is sonde fan de tiid. It Frysk is it middel, net it doel. Ik lêš wolris in Frysk boek, mar lang net alles. Ik wol der ek neat oer sizze. It is wat Armando oait sei: ‘Oardielje net oer dyn kollega’s, sy besykje ek allinnich mar oan de kost te kommen’. Ik lêš net, ik libje!

Hidde Boersma, *Fol túch de mist yn*, Friese Pers Boekerij, Ljouwert 2010. ■